

Temateek

Wedstryd mei pake

Ysbrand Drost

'Sille we in wedstryd dwaan?'

freget pake oan Rins.

'Wa't de measte aaien fynt.'

Rins is gek op wedstrydsjes.

'Wat kriget de winner?' freget er.

Pake tinkt nei.

'Dy seit wat we hjoed ite.

Ik ha wol sin oan sprútsjes,' laket pake.

Ba, tinkt Rins.

Hy seit:

'As ik win, ite we hjoed pankoeken!'

Rins docht de jas goed ticht.

en de learzens oan.

It is moai waar,

mar wol kâld.

Se stappe it lân yn.

Pake wiist yn 'e loft.

'Dat is in ljip,' seit er.

Rins sjocht nei de fûgel.

Wat in moai bist.



Hy hat in kúfke.

'Pas op!' seit pake sacht.

Foar Rins leit in nêst.

It nêst fan 'e ljip.

It is in kûltsje yn 'e grûn

mei twa aaien.

Brún mei flekjies.

Pake hat de earste aaien fûn.

Se litte de aaien moai lizze.

Sêft stappe se fuort.

Se rinne nei de sleat ta.

'Moatst dêr ris sjen,' seit pake sêft.

Rins sjocht in nêst op it wetter.

Wat grappich!

En wat leit deryn?

Twa aaien mei swarte stipkes.

Der swimt in fûgel by.

Dy is swart mei in wite snaffel.


'Dat is in markol,' flústeret pake.

Sêft stappe se fierder.

No hat pake al fjouwer aaien fûn!




In stikje fierder swimt in ein.
Rins siket har nêst,
mar pake is him foar.
'Hjir yn it reid', flústeret er.
Trije aaien lizze yn it nêst.
Sêft stappe se fuort.
No hat pake al sân aaien fûn!



'Sille wy mar nei hûs ta?
Ik ha wûn,' laket pake.
'Dus we ite hjoed sprútsjes.'
Rins is net bliid,
mar dan kriget er in idee.
'De dei is noch net om,' laket er
en hy rint fuort.
Pake folget him
nei de pleats fan Hidde ta.

Rins siket Hidde.
Hy flústeret wat yn syn ear.
Hidde laket.
Pake folget de jonges.
Se stopje by it hinnehok.
Rins krûpt deryn.



'Ien..., twa..., trije...,'

ropt Rins út it hok wei.

'fjouwer..., fiif..., seis..., sân..., acht!'

Mei acht aaien komt Rins nei bûten ta.

'Ik ha wûn, pake!' laket Rins.

En dizze aaien kinne we moai brûke

foar de pankoeken.

Mei Hidde ek by ús ite?'

